

Oarder foar de earetsjinst
te hâlden op snein 15 maart 2026
yn tsjerke Nij Perspektyf yn Hurdegaryp

Fjirde snein fan de 40-dagentiid:
Laetare (Wêz bliid)



Foargonger: ds. T.T. Osinga
Lector: Henny Droogsma
Oargelist: Margrietha Zagema

Oargelspul

Meidielings út namme fan de tsjerkeried

TARIEDING

Oanfangspsalme: Psalm 122: 1

1 Wat wie ik bliid doe' t ik de rop
wer hearre mocht: 'Wy steane klear
om nei de timpel fan de Hear.'

Heech sprong de wille yn my op.

Jeruzalem, o gouden dei,
as ik dyn poarten yngean mei,
om dy, o Godstêd, wer te moetsjen!

Jeruzalem, my sa fertroud,
hoe deugdlik binn' dyn wenten boud,
pracht fan in stêd dy' t wy begroetsje.

Bemoediging, drompelbea en groetenis

Sjonge: Psalm 122: 3

3 Freegje_om de frede foar dy stêd,
bid dy' t dêr wenje wolfeart ta;
lit dy' t dy leavje frede ha
en rêst, omdat de Hear dy rêdt.
Jeruzalem, o gouden dei,
as ik dyn poarten yngean mei,
mei al Gods folk ûnder syn hoede!
Om broer en freon dy' t ik dêr fûn,
om ' t hillich hûs fan Gods ferbûn
sykje_ik aloan foar dy it goede.

Projektljet: 'Wij reizen veertig dagen'
(kouplet 1 froulju, 5 manlju,
9 froulju en manlju)

1. Wij reizen veertig dagen:
een weg van hoop en licht.
En ook een weg van vragen
en van een goed bericht.
5. Een stem roept: 'Kom naar buiten,
jouw weg zal verder gaan.'
Wie zich niet op laat sluiten
is waarlijk opgestaan.
9. Wij zoeken en wij bidden
om vrede voor elkaar.
Want God is in ons midden,
Hij maakt zijn toekomst waar.

Romte foar de bern en njonkentsjinst

Kyriegebed mei oanslútend sjonge:

Liet 547: 1, 2 en 3

1 Jezus dy' t syn wei gie
mei de libbensbeam,
hat oan God de Heit de
goede fruchten bean.

refrein:

Kyrie eleison,
wês mei ús begien,
dat wy ' t libben krije
út ' e dea opstien.

2 Lit ús hjir op ierde
bidde_om Jezus' wil
dat de leave frede
ús bewarje sil.

refrein

3 Dizze lege ierde
freget om ús dea,
mar de hege himel
draacht ús wurge lea.

refrein

TSJINST FAN IT WURD

Gebed bij de iepening fan de Skriften

Lêze út de Skriften: Johannes 9:1-7

Sjonge: Liet 534: 1

1 Hy dy' t de blinen ' t ljocht wer joech
en kleur en fleur brocht yn har wêzen,
is sels it ljocht dat romte jout:
ús libbensljocht, de Soan fan God.

Lêze út de Skriften: Mattéus 7:1-5

Sjonge: Liet 530

1 De Geast fan God kaam del op him,
dy' t útkard is om ' t wurd te sizzen
en dat sa oan ús út te lizzen
as hearden wy Gods eigen stim.

2 Wat is ' t dat hy te melden hat?
It bliid berjocht fan syn ûntfermjen:
hy sil de swakkere beskermje,
genêze wa' t dat nedich hat.

3 Dy' t bûn wie wurdt troch him befrijd.
Hy wol út skea en skande_ús rêde.
No wurde hongeringen sêde.
Syn namme is barmhertichheid.

4 Wy tankje God foar dizze stim,
dy' t klinke mocht yn ús fermidden.
en dy' t ús oanfjurre_om te bidden,
mei útsjoch op Jeruzalim.

Ferkundiging

Oargelspul troch de oargelist

Sjonge: Liet 557: 1 en 3

1 Namme Jezus, hillige namme,
op it hurde krúshout skreaun,
Joadekening, ûnbeskamme
ha se Jo de dea yn dreaun.
Jo binn' stridend foar de frede,
fol genede
oan ' e ein ta kening bleaun.

3 Al wat libbet moat him bûge,
foar Jo bûge, en dochs frij;
oait sil elk op ierde tsjûgje
fan jo leafde_en hearskippij.
God woe Jo in namme skinke,
heger klinkend,
alle nammen fier foarby.

TSJINST FAN DE JEFTEN EN GEBEDEN

Gebeden,
dy' t ôfsletten wurde
mei it mienskippelik Ús Heit:

Us Heit yn' e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn de himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa' t wy ek ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersyking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk en de krêft
en de hearlikheid oant yn ivichheid.
Amen.

Kollekten

Slotliet: Liet 538: 1 en 4

1 In minske wêze_op ierde,
troch tiid en romte gean,
is libje fan genede en einichheid ferstean,
is libje fan de wurden
dy' t God de mins beskreau
en lykas Jezus wurde
doe' t Him it libben dreau.

4 As minske_ûnder de sinne
bestean yn romte_en tiid,
dat is de Geast fernimme
dy' t nei it libben liedt;
de neiste bystân biede
en mei Gods wurden gean,
dat is op dizze ierde
it duvelswurk wjerstean.

Seine beantwurde wurdt
mei in songen:
'Amen, amen, amen' .